# Luzelietsje

**Doede Veeman**




ja, wy koene tige wille meitsje
ik it lamke en do it geitsje
wy diene oan leafde net te min
ik de hoanne en do de hin
mar do hâldst my finzen hoe’k ek skrep
ik bliuw it michje yn dyn web
it leafste soe ik libje wolle
as in lús op dyn seare holle!